

**Jo ha my makke foar josels (Opwekking 641)**

Jo ha my makke foar Josels  
en myn hert is fol ûnrêst  
oant it rêst fynt by Jo.  
Jo ha my makke foar Josels  
en myn hert is fol ûnrêst  
oant it rêst fynt by Jo.

Hoeder fan myn hert,  
wês it ljocht yn myn nacht.  
Ik haw jo antlit socht,  
dat ik rêst fyn by Jo.  
Wat ik fiel of doch,  
ik haw Jo op it each.  
Ik haw jo antlit socht,  
dat ik rêst fyn by Jo.

Hear, Jo wurd hat macht,  
skep wer ljocht yn 'e nacht.  
Ik haw jo antlit socht,  
dat ik rêst fyn by Jo.  
Dan sil ik Jo sjen,  
Jezus, Hear, dy't my ken,  
Jo antlit sil ik sjen  
as ik rêst fyn by Jo.

Jo antlit sil ik sjen  
as ik rêst fyn by Jo.

*Peter van Essen*  
*oersetting: David de Jong*